

# Earbetoan oan in berneparadys

F20 16-2-'08

troch Yvonne Dijkstra

It wiene yn 2007, dé knallers yn de sutelaksje: boeken fan froulike skriuwers oer it plattelânslibben en it boerebedriuw. Simy Sevenster bygelyks: har *Ut de foarrein I en II* fleagen as de sprekwurdlike waarme broadsjes út de kroade. Mar ek *Sitebuorren, myn eigen paradys* fan Auck Peanstra wie net oan te slepen. Dat docht my lykwols alhiel gjin nij want benammen de generaasjegenooten fan Peanstra sille smulle fan dizze 'trip down memorylane'.

It ferhaal wurdt yn gong setten troch in pakketsje brieven dy't de mem fan Peanstra fan de jierren fyftich ôf skreaun hat oan in stazjêre, Bertha. De húshâlding Peanstra buorke yn dy tiid op in

eilân yn it Fryske wetterlân by Grou, it buertskipke Sitebuorren. Mem Peanstra beskriuwt it yn har earste brief oan Bertha sa: 'om te beginnen wonen wij midden in het Friesche waterland en kunnen eigenlijk alleen maar per boot het dorp, dat is dan Grouw, bereiken. Met de motorboot hebben wij toch altijd nog een half uur werk. Ons gezin bestaat uit mijn man en mijzelf en drie jongens'. De brieven fan har mem binne foar de skriuwster it fertrekpunt: oan de hân dêrfan fertelt hja oer har jeugd op Sitebuorren, dy't yn har berne-eagen in wier paradys is. Op in titel foar de roman is net al te lang omstind: dy hie wat my oanbelanget wol wat fantasijfoller mocht of yn alle gefallen sûnder it dûbele 'myn eigen'.

As de briefwiksel tusken mem Peanstra en har stazjêre útein set, is lytse Aukje noch net berne. Sadwaande ûnstiet it unike útgongspunt dat de skriuwster har memoires begjinne litte kin foardat hja der sels part fan útmakket. De beide korrespondearjende froulju hiene in goede bân, docht al gau bliken út de brieven en Bertha kaam sels noch wolris del yn simmerfakânsjes. Ut de korrespondinsje kin in soad opmakke wurde oer it libjen en wurkjen op Sitebuorren út folwoeksen eachpunt wei en dat foarmet in moaie tsjinstelling mei it berneparadys. Yn in brief út 1958 skriuwt mem Peanstra bygelyks: 'k Moet 's morgens en 's avonds mee melken en overdag vaak nog mee in het hooi, plus het huiswerk zo'n beetje, het eten en drinken

en de kleren wat schoon en heel, dat 's avonds tol je om zo'n tien uur doodmoe in bed. En wat is het dan vlug half vijf!' (side 142). Kom dêr hjoeddedei noch mar ris om! Seker ek omdat de minsken yn dy tiid noch net de helpmiddels hiene dy't wy no wol ta ús foldwaan ha. Mar dochs wurdt der net klage want yn deselde brief skriuwt hja: 'Maar zo moet het om deze tijd ook zijn bij de boer en je doet het werk ook met plezier en dankbaarheid, dat het land je telkens weer geeft in onverstoorbare regelmaat, wat is dat toch telkens weer een Godswonder!'

Lytse Aukje hat net sa'n erch yn de folwoeksen soargen, foar har is de pleats op Sitebuorren ien grutte boarterstún. Prachtich is bygelyks it ferhaal wêr't hja mei har buor-

famke Jeltsje har skoften fermeitsje kin mei modder, sân en in selsboude hut. Se dogge it har sels net oan tiid om nei it húske te gean mar pisje achter in houtbult. Dat is lykwols foarby as Jeltsje blaasûntstekking skipet. Letter bout Aukje har heit in echte hutte foar de famkes mei in dak fan golfplaten en sinesappelkisten as kastjes, mar dy hat it nea helle by syn foargonger fan lânbouplastic.

Sitebuorren, myn eigen paradys befettet in skat oan ditsoarte fan mimerijen. Se foarmje de grutste sjarme fan dizze roman, dy't boppe al in earbetoan is oan it paradys dat Sitebuorren ea wie.

*Auck Peanstra, Sitebuorren myn eigen paradys, útjouwerij Venus, 17,90 euro.*